

PARSEBERJOCHT

27 novimber 2019

Omrop Fryslân makket searje oer praktykûnderwiis

It soe in einstasjon wêze, in skoalle foar bern mei in learefterstân dy't gjin kâns meitsje op in diploma en wurk. Oer it praktykûnderwiis en syn learlingen besteane in soad foaroardielen. Omrop Fryslân hat dêrom yn gearwurking mei it praktykûnderwiis Fryslân in telefyzjesearje makke. Yn 'Ik bin PRO' rint presintator Raynaud Ritsma hast in jier lang mei op trije Fryske skoallen foar praktykûnderwiis, om ris efter it stigma fan 'min learende bern sûnder takomstperspektyf' te sjen.

Ofrûne wike waard bekendmakke dat learlingen fan it praktykûnderwiis dy't oan harren earste baan begjinne, ek kommend jier op begelieding rekkenje kinne. It regear hat dêr jild foar frijmakke. Yn Fryslân geane sa'n 1500 bern nei it praktykûnderwiis. Sy kinne it VMBO-diploma net helje om't sy muoite hawwe mei learen. In soad bern op it praktykûnderwiis hawwe lêst fan in leech selsbyld.

Unterjochte stimpel

De petearen makken ek op de opnameploech in soad yndruk fertelt presintator Raynaud Ritsma: "Wat ik hiel lestich fûn om te sjen is dat dizze bern wol hiel graach foarút wolle, mar om't sy sa faak te hearren krigen hawwe dat sy neat kinne, hawwe sy it gefoel dat dat ek echt sa is. Der wurdt in stimpel op dy bern drukt, mar dy stimpel is net terjochte. Nim de muoite om te sjen nei 'Ik bin PRO', want ik bin der fan oertsjûge datst op in hiele moaie oare wize nei it praktykûnderwiis sjen silst."

Yn 'Ik bin PRO' wurdt it ferhaal sketst fan it stigma dêr't de bern lêst fan hawwe. In ferhaal dat ek as spegel tsjinnet foar ús ûnderwiissysteem en de prestaasjemaatskippij dêr't wy yn libje. PRO Dokkum, De Diken yn Snits en Sevenwolden Compagnie op it Hearrenfean steane sintraal yn dit nije programma fan Omrop Fryslân. Direktuer Peter de Jong fan de Compagnie: "De kijker krijt een uniek beeld van de ontwikkeling, worstelingen en successen van de leerlingen. 'Ik bin PRO' is een programma om trots op te zijn."

De freugde en it ferriet fan it PRO sjochst fan 22 jannewaris ôf alle woansdeis om 17.30 oere by Omrop Fryslân yn 'Ik bin PRO'.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT

27 november 2019

Omrop Fryslân maakt serie over praktijkonderwijs

Het zou een eindstation zijn, een school voor kinderen met een leerachterstand die geen kans maken op een diploma en werk. Over het praktijkonderwijs en zijn leerlingen bestaan veel vooroordelen. Omrop Fryslân heeft daarom in samenwerking met het praktijkonderwijs Fryslân een televisieserie gemaakt. In 'Ik bin PRO' loopt presentator Raynaud Ritsma bijna een jaar lang mee op drie Friese scholen voor praktijkonderwijs, om eens achter het stigma van 'moeilijk lerende kinderen zonder toekomstperspectief' te kijken.

Afgelopen week werd bekendgemaakt dat leerlingen van het praktijkonderwijs die aan hun eerste baan beginnen, ook komend jaar op begeleiding kunnen rekenen. De regering heeft daar geld voor vrijgemaakt. In Fryslân gaan zo'n 1500 kinderen naar het praktijkonderwijs. Zij kunnen het VMBO-diploma niet halen, omdat ze moeite hebben met leren. Veel kinderen op het praktijkonderwijs hebben last van een laag zelfbeeld.

Onterechte stempel

De gesprekken maakten ook op de opnameploeg veel indruk vertelt presentator Raynaud Ritsma: "Wat ik heel lastig vond om te zien is dat deze kinderen wel heel graag vooruit willen, maar omdat zij vaak te horen hebben gekregen dat ze niks kunnen, ze het gevoel hebben dat dat ook echt zo is. Er wordt een stempel op die kinderen gedrukt, maar die stempel is niet terecht. Neem de moeite om te kijken naar 'Ik bin PRO', want ik ben er van overtuigd dat je op een hele mooie andere manier naar het praktijkonderwijs zult kijken."

In 'Ik bin PRO' wordt het verhaal geschetst van het stigma waar de kinderen last van hebben. Een verhaal dat ook als spiegel dient voor ons onderwijssysteem en de prestatie maatschappij waar wij in leven. PRO Dokkum, De Diken in Sneek en Sevenwolden Compagnie in Heerenveen staan centraal in dit nieuwe programma van Omrop Fryslân. Directeur Peter de Jong van de Compagnie: "De kijker krijgt een uniek beeld van de ontwikkeling, worstelingen en successen van de leerlingen. 'Ik bin PRO' is een programma om trots op te zijn."

De vreugde en het verdriet van het PRO zie je vanaf 22 januari iedere woensdag om 17.30 uur bij Omrop Fryslân in 'Ik bin PRO'.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.